



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? Wêr is hy berne? En hoe hjitte syn heit en mem? Eins hiene se dat oan Johannes freegje moatten, doe’t se doopt waarden. Dy hie it grif wol witten. Gelokkich binne der mear minsken dy’t Jezus kenne. Dy fertelle de ferhalen troch oan wa’t it mar hearre wol.

Yn de wiken dy’t komme, hearre jim wat de skieppehoeders oer Jezus fertelle. Dy hearden as earsten fan Jezus’ berte. Tagelyk fertelle se ek fan Johannes, want Jezus en Johannes binne famylje faninoar. Johannes is wat âlder.

De berte fan Johannes

Lukas 1,57-80

Mei-inoar sieten se ûnder de beam, heit, mem, Sara en Simon. Pake siet yn ’e midden. Justerjûn let wie er oankommen. Hy sil heit helpe om in nije stâl te bouwen.

Sara en Simon fûnen it altyd gesellich as pake der wie. Hy koe sa goed harkje.

“Pake, Mirjam har heit, is hoeder. Hy hat ús juster oer de mem fan Jezus ferteld”, sei Sara.

“Ik fûn it wol frjemd, hear,” sei Simon, “Maria wie in famke en se waard al mém.”

Sara skode wat tichter nei pake ta: “En Elisabet wie al hiel âld en se waard ek mem!”

“Ja, hoe kin dat no?” Pake moast efkes neitinke en sei: “It binne gjin gewoane ferhalen fansels. Se geane oer...”

“Jezus”, folle Simon oan.

“En oer Johannes”, sei Sara. “Hy hat ús doopt!”

Pake knikte: “Hiel goed! In ingel fan God kaam earst mei it boadskip dat Johannes berne wurde soe. En letter kaam er by Maria dat Jezus berne wurde soe.”

“It wie de ingel Gabriël”, sei Sara.

“Fertelde de hoeder ek dat Gabriël in boadskipper fan God is?”, frege pake.

Sara en Simon seagen inoar oan. “Ja!”, knikte Sara, “Gabriel komt fan God.”

“Dan begryp ik it,” sei Simon, “omdat it fan God komt, is it net in gewoan ferhaal.”

Sara seach nei heit en mem. Soene dy it begripe?

Doe't de sinne ûndergie, sieten Mirjam, Sara, Simon en syn freonen al by it fjoer. Der wiene mear minsken út Kafarnaüm.

"Ik freegje oft ús heit en mem moarn ek meikomme", flústere Sara.

"En pake fansels!", rôp Simon.

Mirjam stompte Simon oan. 'Ssst! Se beginne al.'

Ien fan de hoeders kaam oerein en begûn te fertellen...

Moarns betiid sieten Sacharias en Elisabet tegearre foar hûs. Sacharias koe net prate. Dat wie lestich. Foaral no't Elisabet yn ferwachting wie, hiene se inoar sa'n soad te fertellen. Mar dat slagge net.

Doe't de poppe skopte, lei Elisabeth de hân fan Sacharias efkes op 'e búk. Sa koe Sacharias fiele dat it berntsje alle dagen sterker waard.

"Ik tink dat it net lang mear duorret", sei Elisabet. "Alles wat we nedich hawwe, leit klear. It kin no mar komme."

Sacharias knikte. Hy seach der nei út. Mar tagelyk fûn er it ek spannend, want se wiene ommers al sa âld.

It wie allegear drokte yn it hûs fan Sacharias en Elisabet. It jonkje wie berne en elkenien woe him efkes sjen. De buorlju wiene och sa bliid. Se hiene it earst net leauwe wollen, want se tochten dat Elisabet dêr te âld foar wie. En no wie it dochs safier.

"Jim neame him Sacharias?", frege in buorfrou, "krekt as syn heit?"

Elisabet skodholle en sei: "Nee!" Se seach nei Sacharias, mar dy koe noch hieltyd net prate.

"Hoe dan?", frege de frou. Se fûn it mar frjemd. Meastal krige it earste jonkje de namme fan de heit.

"Hy hjit Johannes!", sei Elisabet.

"Johannes? Mar dy namme komt al hielendal net foar yn jim famylje."

Koe ik no mar prate, tocht Sacharias. Dan koe ik sizze: it is in namme dy't fan God komt. Hy wol mei ús berntsje wat nijs beginne.

Dêrom pakte Sacharias mar in skriuwplankje. Mei moaie letters skreau er: 'Johannes is syn namme'.

De buorlju seagen inoar oan. Guon hellen de skouders op en tochten: wêrom no net sa't wy dat altyd wend binne? Ien fan harren woe der dochs noch wat fan sizze. Hy sei: "Wit wol wat jim dogge!"

Nimmen hie der erch yn, mar ynienen begûn Sacharias wer te praten... Hy sei lûd en dûdlik, sadat se it allegearre goed hearre koene: "Wy witte hiel goed wat we dogge! Johannes is in geskink fan God!"

Doe koe Sacharias him net langer stil hâlde en song:

Dit is de dei
dy't God makke hat.
Kom minsken, sjong!

Dit is de dei,
ljoch fan Syn Ljocht.
Kom minsken, sjong!

Dit is de dei
God is goed.
Kom minskens, sjong!

In dei fan grutte freugde.